



## **NICHTEDEI** **(Nichtendag)**

**In klucht yn fjouwer bedriuwten**

**fan**

**ASTRID BAIJS & JAN TOL**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
**(Grimas Theatergrime verkoop)**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**  
**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **NICHTEDEI - NICHTENDAG** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteurs: **ASTRID BAIJS EN JAN TOL** te vermelden.

De naam van de auteurs moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteurs mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2014 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteurs van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **12** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Klaas Winters, boer en eigener fan de kamping

Willemien Winters, frou fan Klaas

Greet Klappenholst, alias Dola Rurrenkopf

De Boer, boskwachter

William Rurrenkopf

Asja, natuerbeskermer

Barbara

## **De nichten:**

Tineke Rurrenkopf

Serena Rurrenkopf

Anneke Rurrenkopf

Mandy Rurrenkopf

Carla Rurrenkopf

De rol fan Asja kin ek troch in man spile wurde. Yn de tekst wurdt Greet Klappenholst hieltyd as ‘Dola’ oanjûn, omdat sy har as dy persoan foardocht.

## **DEKOR:**

Achter, in bytsje út de midden, sjogge we de foarkant fan in ienfâldige karavan of houten keet. Dêrneist stiet in houten wand mei twa doarren, dy binne fan it hûske en de dûs. Dêrneist in soarte fan waskbak mei kranen derboppe. Oan de foarkant fan de karavan of keet stean links en rjochts tintjes. Yn de midden foar de karavan of keet is romte foar aktiviteiten. Yn de doar fan it hûske sit in grut hert, dêrtroch kinne je nei binnen of nei bûten sjen. De ûnderkant fan de doar is ôfseage, sadwaande kinne je de fuotten sjen fan deselde dy't op it hûske sit.

## EARSTE BEDRIUW

(sneontemoarn betiid. At it doek iepen giet is der noch gjinien oanwêzich. Klaas Winters leit op de réch yn ien fan de lytse tintjes, hy is net te sjen. Kletterjen fan wetter út de dûsromte. Even letter komt Willemien út de dûs mei in amer sop. Se sjocht der sloarderich út, se hat in âlde jasskelk oan, in pear ferslitenlearzens en it hier sit yn de war)

WILLEMIEN: (sjocht om har hinne) Wêr bist, Klaas?

KLAAS: (yn de tinte, net te sjen) Hjir, Willemien.

WILLEMIEN: (rint nei de tinte, sjocht nei binnen) Sjit no op! Se kinne der elk momint wêze.

KLAAS: Ja, ja! Kalm oan hin.

WILLEMIEN: Neat net kalm oan. At it oan dy lei koene we de kamping wol opdûke. Mar it is wol in ekstra sintsje, Klaas Winters! Fan de buorkerij allinne kinne we net mear leve. (de karavan yn)

KLAAS: Ik bin al klear mins! (komt skowend op de réch de tinte út. Hy hat in âlde overal en klompen oan. Hy giet oerein en rjochtet de réch. Dan draait er him om nei de karavan) No famkes. Kom mar op. Hy stiet oerein hear! (de doar fan de karavan flocht iepen en Willemien stiet ferwoeden yn de doar)

WILLEMIEN: Wat seisto, smoarge fiislak?!

KLAAS: (sjocht har ferheard oan) Wat is der mei dy oan de hân?

WILLEMIEN: Ik hearde it wol!

KLAAS: En wat heardest dan wol?

WILLEMIEN: Watsto seidest.

KLAAS: En wat sei ik dan?

WILLEMIEN: Do seidest... Do seidest... Dat kin ik net werhelje.

KLAAS: Dan kin ik it ek net mear witte.

WILLEMIEN: Do seidest... dat er oerein stie!

KLAAS: Sei ik dat?

WILLEMIEN: Ja!

KLAAS: Nee, ik sei net dat er oerein **stie**, ik sei dat er oerein **stiet**. En rekkenje der mar op, dat er stean bliuwt. Ik ha 't mei myn eigen hannen dien, dêr hoegde ik dy net by te brûken.

WILLEMIEN: Fiislak! Unhuerling! Wat moatte dy fammen, dy't hjir aansen komme, wol net fan dy tinke?

KLAAS: Dy sille it geweldich fine. Se hawwe noch noait sa'n moai ding stean snoen! Lekker strak spand. Net al te grut, dat jou ik ta, mar mei in bytsje passen en mijitten grut genôch foar harren.

WILLEMIEN: (gappet nei de siken) Do... Do...

KLAAS: Ja, ik! Ik wit it, hy is wat oan de âlde kant, mar hy is noch lang net fersliten. Nee, dy hâldt 'm dit wykein wol steande, at dy fammen teminsten wat kalm bliuwe. Want at se oan de stôk omroppe, dan stoart er yn elkoar.

WILLEMIEN: Winters, ik doch dy wat! (*se smyt him de amer mei sjipsop tsjin de bealch*)

KLAAS: Wat dochst no, Willemien Winters?!

WILLEMIEN: Dan kinst ôfkuolje!

KLAAS: It is ek noait goed by dy wol? Bin ik krekt lekker op gong, krij 'k in amer wetter oer my hinne. Fynsto dan net dat dy âld tinte kreas oerein stiet?

WILLEMIEN: De wat?!... (*at Klaas op it âlde tintsje wiist, dêr't er krekt útkommen is*) O... eh... ik tocht... eh...

KLAAS: Wat tochtsto?

WILLEMIEN: Eh... Neat!... Nee, hy stiet yndie kreas oerein, Klaas. It spyt my. (*smyt him in handeek ta*) Droegje dy dêr mar in bytsje mei ôf. (*se giet gau de karavan wer yn, docht de doar achter har ticht*)

KLAAS: (*skoddet de holle*) Mei Willemien wit je ek noait wêr't je oan ta binne. Dy rint har no al drok te meitsjen oer dat stel fammen dat hjir it wykein komt. (*gnysket dan*) Ik sjoch it hielendal sitten! It wurdt in waarm wykein, dus dat wurdt bleate búkjes sjen mei dy famkes! (*wriuwit 'm yn de hannen. Dola komt op, in lyts réchpûdsje en stevige berchskuon*)

DOLA: (*sjocht even om har hinne en sjocht dan Klaas*) Ah!

KLAAS: (*skrikt, hâldt de handeek foar de broek, draait him dan om nei Dola, teloarsteld*) O!

DOLA: Is dit kamping 'Lust en Genoegen'?

KLAAS: Nee... (*gnyskjend*) Mar dat wurdt it aansen wol!

DOLA: Net? O! Hoe hjit dizze kamping dan?

KLAAS: 'Rust en Genoegen', mefroutsje.

DOLA: Dat bedoelde ik ek. Lust en Genoegen. Dan sit ik goed.

KLAAS: (*nimt har fan boppe oant ûnder op*) Dat tink ik dus net! We sitte dit wykein hielendal fol mei jongfammen.

DOLA: Doch ha wy dizze kamping foar dit wykein besprutsen.

KLAAS: Witte jo dat wol seker?

DOLA: Ja! Mei al myn nichtjes. We sille hjir nichtedei hâlde. No ja, it is eins in nichtewykein.

KLAAS: Nichtjes? Doch wol froulike nichten mei 'k hoopje?

DOLA: Ja, wat tochten jo dan?

KLAAS: (*mompeljend*) Gelokkich!

DOLA: Wat sizze jo?

KLAAS: Eh... Gelokkich dat jo it fine koene.

DOLA: Ja. Ik bin de organisatlise.

KLAAS: Jo binne de wat?

DOLA: De olga... ien dy't alles legelt.

KLAAS: (*sjocht har even oan, dan knikt er*) Krekt, ja... Swierrichheden  
mei de rrrrrr?

DOLA: Ja. Dat wol net slagje. Ik ha in soad oefene... (*hellet de  
skouders op*) It slagget my gewoan net. Mal jo felsteane my wol,  
hoopje ik?

KLAAS: Ik fersteane jo prima. (*gnysket*) Sis es: 'Grutte groffe grauwe  
earte'.

DOLA: Glutte... Dat fyn ik net leuk fan jo!

KLAAS: No... ik fûn it wol grappich. Ik bin Klaas Winters, en wa bin  
jo?

DOLA: Dola. Goed mei jo yn de kunde te kommen.

KLAAS: (*sjocht har oan*) Wier?

DOLA: Ja. Stiet myn namme jo soms net oan?

KLAAS: No ja... jo seine Dola en doe tocht ik, dat sil dan wol Dora  
wêze moatte, omdat jo de rrrrrr net sizze kinne.

DOLA: (*in bytsje stiif*) Nee. It is echt Dola, sündel... (*docht in soad  
muoite om de 'r' te sizzen*) ...lllll. (*dan lilk*) Gewoan! Dola, man!

KLAAS: (*bêdet har del*) Ja, ja. No wit ik it wol. Ik sil myn vrou even  
roppe, dy regelt de administraasje. (*draait him om en ropt*)  
Willemien, kom es!

WILLEMIEN: (*yn de karavan*) Wat is der no wer? Lûk dy overal mar  
út. (*Dola skrikt*) Ik helje sa wol in droegen.

DOLA: (*skokt*) Net dwaan, hear.

KLAAS: (*gnysket*) Wêrom net? (*makket de knopen al los, dan komt  
Willemien út de karavan en sjocht Dola*)

WILLEMIEN: O! Hâld dy overal oan, Klaas! (*tsjin Dola*) Mannen! Kin  
ik jo ergens mei helpe?

KLAAS: Kinsto even sjen oft dizze dame ynskreaun hat foar dit  
wykeien? Se hjit... eh... (*tsjin Dola*) Hoe seine jo ek al wer?

DOLA: Dola... Dola Lu... Lu...

WILLEMIEN: Wachtsje even. (*giet de karavan yn en komt daliks  
werom mei in snústerich skrift*) Dola... Mefrou Dola Lulu. Nee, dy  
stiet net yn myn administraasje.

DOLA: Dat moat! Dola Lu... Lu...

WILLEMIEN: Der moat fansels hielendal neat, jongedame! Atsto net  
yn myn skriftsje stiest, dan stiest der net yn, punt út!

KLAAS: En Willemien is dêr hiel sekuer yn hear. Der ûntgiet har neat.  
(*suchtsgend*) Dêr wit ik alles fan.

WILLEMIEN: (*blêdet wer yn it skrift*) Der komt wol in grutte ploech

fammen, mar dy hjitte... efkes sjen.... Rurrenkopf.

DOLA: (*lilk*) Dat is goed!

KLAAS: Wêr ha jo it oer?

DOLA: Dat is myn namme. Dola... eh...

WILLEMIEN: Sis dan daliks dat jo fan achteren Rurrenkopf hjitte.

DOLA: Dat kin ik net sizze.

WILLEMIEN: Wêrom net?

DOLA: (*sjocht Klaas oan om help*) Wolle jo it útlizze?

WILLEMIEN: Wat moat Klaas útlizze?

KLAAS: (*tsjin Willemien*) Se kin de rrrrrr net sizze. De rrrrrr is foar har in el.

WILLEMIEN: No en? Dan sprekst Rurrenkopf doch út mei in el. Wat soe 't wêze. (*sjocht wer nei de namme yn it skrift*) Eh... doch ek mar net! No, at jo even meigean nei myn kantoar, dan meitsje we alles even ynoarder. Gean jo mei? (*giet de karavan yn, Dola der achteroan*)

KLAAS: Moat dy bochel net fan de rêch?

DOLA: Wat? O, dy lêchpûde. (*docht de rêchpûde ôf*)

KLAAS: Is dat alles dat jo mei hawwe? Foar in hiel wykein?

DOLA: O ja, dat is genôch. Dit is alles dat in mins noadich hat om te leven. We hâlte it hiel ienfâldich. Mal, dat is noch in fellassing foar myn nichtjes. (*de karavan yn*)

KLAAS: No, no. Wat in fellassing! Wat foar ferrassingene stean my noch mear te wachtsjen. (*de doar fan de karavan giet iepen en Willemien smyt in droege overal nei bûten*)

WILLEMIEN: Doch dy mar gau even oan. (*at Klaas de wiete overal útlûke wol*) Nee, hjir net! Doch mar yn ien fan dy tintsjes. (*de karavan wer yn*)

KLAAS: (*sjocht om him hinne, giet dan ien fan de tintsjes yn en doch de rits achter him ticht. Dan komme Anneke en Serena op. Anneke sjocht der flot út, spikerbroek, leuk bloeske. Serena hat in stiif mantelpakje aan en is dûdlik in dame. Se hat twa grutte koffers by har. Anneke hat in grutte rêchpûde by har*)

SERENA: (*oerdreaun suchtsjend, lit de koffers falle*) Myn got! Wat is dy Dola fan doel?

ANNEKE: (*docht de rêchpûde ôf en sjocht om har hinne*) Leuk!! We sitte it wykein yn in tintsje op in kamping! Leuk, sis!!

SERENA: Ik begryp net, watsto dêr leuk oan fynst. Do tinkst doch net dat ik my yn in tintsje deljou, wol? Moatst es sjen hoe lyts! Do kinst der net iens rjochtop yn stean! (*rint nei it tintsje ta dêr't Klaas yn gongen is, doch de rits iepen en dan ûntset*) Nee!! (*rint gau by de tinte wei*)

ANNEKE: Wat is der?

SERENA: In bleate fint!

ANNEKE: (*sjocht bliid*) Mienst dat? (*gau nei de tinte ta en wol nei binnen sjen, mar Klaas doch de rits gau wer ticht*) Spitich!

KLAAS: (*yn de tinte*) Hjirwei do!

SERENA: (*tsjin Anneke, út de hichte*) Bisto sa'n ien? Ja, je kinne je wol es op de minsken fersjen, at je se yn 't echt tsjinkomme.

ANNEKE: No, dat begjint al leuk! (*sjocht lilk nei Serena*) Ik hoopje net dat by dy yn lotte bin foar de slieperij.

SERENA: En oars ik wol! Trouwens, ik gean net iens yn in tinte. (*sjocht dan de karavan*) Ik gean wol yn dy karavan. Ek net folle bysunders, mar dan hoech ik teminsten net op de grûn te sliepen. Dat is net goed foar myn gestel. Do soest es witte moatte wat my allegear mankearret. Ferskriklik. Ik rin by trije professors tagelyk. Stik foar stik fine se it in wûnder dat ik noch leef. Mar ja, ik bin in taaien! (*op dat stuit komt Klaas út de tinte, hy hat de droege overal oan en sjocht mispriizgjend nei Serena*)

KLAAS: In âlde taaie sil je bedoole. (*Serena sjocht him fiis oan en sjocht dan de oare kant út*) Goemoarn, dames.

ANNEKE: (*gichelt*) Binne jo dy bleate fint?

SERENA: Anneke! (*tsjin Klaas*) Wat dogge jo hjir eins? Dola Rurenkopf hat my fersekere, dat der gjin mannen wêze soene. (*minachtsjend*) En ik hie seker gjin boeren ferwachte!

KLAAS: (*sjocht nei Serena, mispriizgjend*) En ik hie net ferwachte dat der âlde kij opdrave soene! Ik ha se better op stâl stean! (*dan tsjin Anneke*) Jildt net foar jo hear.

ANNEKE: (*delbêdzjend*) Hè, toe no! At ús wykein al sa beginne moat, kinne we der better daliks mei ophâlde. (*jout Klaas in hân*) Anneke Rurenkopf.

KLAAS: Klaas Winters, baas fan de kamping en... (*sjocht ferhoalen nei Serena*) en feeboer!

SERENA: Binne jo de baas fan de kamping! Dat is moai! Dan kinne jo no daliks regelje dat ik yn dy karavan kom te sliepen.

KLAAS: Gjin inkeld probleem, mefrou. Regelje ik.

SERENA: (*bliid*) Dat is aardich fan jo.

KLAAS: (*gnysket*) At Willemien it teminsten goed fynt, dat je tusken ús yn komme te lizzen.

SERENA: Hoe bedoole jo?

KLAAS: Dat myn vrou en ik simmerdeis yn dy karavan sliepe. Stean we daliks klear at der wat is. Dus dan bliuwt der oars neat oer as yn in tintsje krûpe, skat.

SERENA: Ik bin jo skat net! Ik ha net by jo op skoalle sitten.

KLAAS: Gelokkich net!

SERENA: (*giet der net op yn*) Hoe dan ek, ik sliep net yn in tinte. Dan  
gean ik daliks nei hûs.

KLAAS: Miskien is dat wol de bêste oplossing!

ANNEKE: Litte we no even wachtsje oant de oaren der ek binne. Kom  
op, Serena. It is de earste kear dat we alle nichten by elkoar ha.  
(*tsjin Klaas*) Bin wy de earsten?

KLAAS: Nee mefrou... eh... No ja, dy frou dy't de rrrrr net sizze kin is  
der al.

ANNEKE: O, Dola! Och, de skat! Al ha ik har yn 't echt noch noait  
sjoen.

SERENA: No, dat sil wol, mar ik koe der gjin wurd fan ferstean doe't  
se my belle. Ik sei, skriuw it mar op en stjoer it mar ta. (*at Anneke  
de holle skoddet*) Ja, witsto dan **wol** wat se bedoelde, doe't se sei:  
'Lekkel bielke dlinke, Selena'. Ik tocht dat se it oer in lekke bân hie  
of sa. (*Dola en Willemien komme út de karavan*)

DOLA: Ah! Dat moatte twa fan myn nichtjes wêze. Hallo, famkes!  
(*rint der op ôf en jout se beide in tút, se stelle har aan elkoar foar*)

KLAAS: (*skoddet de holle*) Famkes! (*wol de karavan yn rinne*)

WILLEMIEN: Ho!! Ik ha de boel krekt in sopke jûn! Net mei dy  
strontklompen yn my skjinne karavan! (*Klaas suchtet, docht de  
klompen út en giet de karavan yn*)

DOLA: Dus jim binne Anneke en Selena. Leuk, ûntsettend leuk. Ik  
hoopje dat de lest ek gau komt. O, ik sjoch del sa nei út om de  
oalen ek te sjen.

SERENA: Ik fyn it oars mar in bespotlik idee om dit op in kamping te  
dwaan. It spyt my foar dy, mar ik krûp wier net yn in tinte. Ik bin foar  
de jûn wer fuort.

WILLEMIEN: Ho, ho! Jo meie fan my fuortgean, mar der wurdt wol  
foar in hiel wykein betelle! It is hjir gjin Sokutera.

DOLA: Komt allegeal goed. Wiel.

WILLEMIEN: Dat hoopje ik dan mar.

SERENA: (*sunich*) At ik hjir bliuw, ik sis, **at** ik hjir bliuw, dan wol ik in  
tinte foar my allinne. Ik hechtsje bot aan myn privacy.

WILLEMIEN: Je privacy?

SERENA: Ja seker!

WILLEMIEN: Moai net dus! Gjin bisten op myn kamping en seker gjin  
privacyse kitten! (*rint lilk de karavan yn. Anneke en Dola sjitte yn  
de laits*)

SERENA: Dat is ek de snoadste net. (*praten en laitsjen achter de  
karavan*)

ANNEKE: Ah! Dêr sille de oaren wêze. Ik sil se ophelje.

DOLA: Ik gean mei. (*beide achter de karavan ôf*)

SERENA: Wêr bin ik oan begongen? (*sjocht even om har hinne, rint dan nei it tintsje dêr't Klaas it lêste mei dwaande wie. Se docht 'm iepen, bûcht foaroer en hâldt de stôk fan de tinte beet. Dan komt Klaas út de karavan en sjocht Serena stean*)

KLAAS: Bliuw fan dy stôk ôf! (*mar it is al telet. De stôk brekt en Serena falt foaroer de tinte yn*)

SERENA: (*mei in smoarde stim*) Help! (*Klaas draaft nei de tinte ta en tilt dy op. Hy fynt twa fuotten, lûkt der oan en wol Serena nei bûten lûke. Dit slagget net omdat Serena de achterste stôk fan de tinte beet hat*)

KLAAS: Lit dy stôk los!

SERENA: Lit myn fuotten los! (*omdat Serena de stôk net loslit, lûkt Klaas har mei tinte en al oer it poadium, oant se út it sicht binne. Dan komme Anneke en Dola werom, mei Tineke, Mandy en Carla. Tineke sjocht der jeugdich út, Mandy en Carla binne evenbylden fan elkoar, stiif yn de klean en in knotsje yn 't hier. Mandy hat in âld skoaltaske by har, Carla tôget in boadskiptas op tsjiltsjes achter har oan*)

MANDY: Hâlde we it hjir?

DOLA: Ja.

CARLA: Fantastysk! Hjur al myn nichten te sjen, sjonge fan Gods wurd en dat hy ús hjir by elkoar brocht hat.

MANDY: (*entûsjast*) En ik begeliedt jim op de blokfluit. (*hellet de blokfluit en muzykblêden út de tas. Carla pakt in muykstander út de boadskiptas en set dy del. Wylst sy de stander delset en de muzykblêden útsiket, sjogge Anneke en Dola mekoar ferwûndere oan*)

Anneke: (*flústert*) Dat binne grif gjin echte Rurrenkopfen.

DOLA: (*flústert ek*) Nee, dat is de leauwige kant fan de oantloude famylje.

ANNEKE: En wy de ôffallige? (*Dola knikt*)

CARLA: Stimsto even ôf, Mandy? (*Mandy set de blokfluit oan de mûle*)

TINEKE: (*fluch*) Eh... sille we dêr even mei wachtsje oant se der allegear binne?

ANNEKE: Wêr is Serena eins bleaun?

DOLA: Gjin idee. (*sjocht om har hinne*) En dat tintsje dat dêl stie is ek fuort. Soe se in stil plakje opsocht ha? (*Anneke hellet de skouders op. Under dit petear is Mandy al dwaande om de blokfluit te stimmen. Se blaast der op, mar der komt gjin lûd út. Se besjocht de blokfluit en dan wurdt se ynienen lilk*)

MANDY: Wer dy rotjonge!

CARLA: Mandy! Wat is der?

MANDY: Der sit kaugom yn de blokfluit!

CARLA: Kaugom? Hoe komt dat der no yn?

MANDY: At ik it net tocht! Hy hat der kaugom yn dien, Carla!

CARLA: Wa? Wêr hast it oer?

MANDY: Dy snotaap fan Laagland fansels! Dat is sa'n stikemen.

CARLA: Do bedoelst dat jonkje fan Trien Laagland?

MANDY: Ja, dy.

CARLA: O, sy is sels ek sa'n stikemen! Ik bin der wis fan dat se sneins fan dy plastyk munten yn de ponge docht!

MANDY: Docht se dat?

CARLA: Wis en seker! Ja, ik harkje altyd hiel goed. Oan it lûd kinst hearre wat se der yn goaie.

MANDY: O ja?

CARLA: (grutsk) Ik hear sels it ferskil tusken in ien- en in twa – euromunt!

MANDY: O ja? (nijsgjirrich) Wat goait vrou Klos der eins yn?

CARLA: Neat!

MANDY: Neat? Mienst dat no? At sy der wat yn goait hear ik altyd in soad leven.

CARLA: Dat docht se mei 't sin, Mandy! (*Mandy sjocht har net begripend aan*) Se stoppet de hiele hân yn de ponge en rammelt dan allinne de sinten mar troch elkoar. Dan liket it krekt as goait se der hiel wat yn!

MANDY: O, wat raar! (*se hat yntiid de kaugom út de blokfluit krigen*) O Carla! It is derút! (*hâldt de kaugom even omheech, docht it dan yn de mûle, kôget der even op*) De smaak is noch goed. (*hellet it der wer út*) Do ek in stikje, Carla?

CARLA: (mei ôfgriis) Nee, tanke!

MANDY: Dan net. (*stoppet it wer by harsels yn de mûle*)

DOLA: No ja! Litte we es sjen wat we allegeal ha. (*hellet in bledsje út de bûse, wiist elkenien aan*) Anneke, Tineke, Mandy, Calla en Selena, mal dy is even fuolt. Ik wit net oft alle nichten komme, mal oals misse we noch in peal... (*Klaas komt op fan de side dêrt er earder mei Serena en de tinte ôfgongen is*)

KLAAS: Ja, dy is brutsen!

ANNEKE: Wat is brutsen?

KLAAS: De peal... De stôk fan de tinte. Dêr hiene jim it doch oer?

ANNEKE: Wol nee! Dola sei, dat we der noch in pear misse. In pearrrr nichten.

KLAAS: O! Ik begryp it. (*tsjin Dola*) Wat in gelok foar dy dat it no july

is.

DOLA: (*ferwûndere*) Hoe dat sa?

KLAAS: (*mei in hast gemiene laits*) Dan sit der gjin rrrrr yn de moanne!

ANNEKE: Jo tinke seker dat je thús de leukste binne?

KLAAS: Dat tink ik net allinne, dat bin ik ek! Witst trouwens wa't noch folle leuker is?

TINEKE: No?

KLAAS: Dy oare nicht fan jim.

DOLA: Hokkel!

KLAAS: Ja, wit ik it hoe't se hjit. Dy iene, dy't net yn in tinte sliepe woe.

ANNEKE: Serena!

KLAAS: Ja dy! Dat is my doch in dom minske!

DOLA: No, no! It is wol in nicht fan my.

KLAAS: In nicht of net, se is dom! Earst brekt se de stôk, dan lûk ik har oan de fuotten om har der út te krijen en sa belânje wy yn de stâl by de kij en ropt se: 'O, in ko! Mei ik dy melke? Dat ha ik altyd al wollen'. Se dûkt derûnder en begjint daliks te lûken! Dan draait se har ferbaasd om en seit: 'Ik ha nooit witten dat in ko mar ien oer hie'. No freegje ik dy!

TINEKE: In ko hat doch acht oeren?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**